


CBS de Hoeksteen  
O.f.   
Dr. G. van Schouwenlaan 2  
8441 CA HEERENVEEN

Ljouwert, 27 juny 2017  
Ferstjoerd, **28 JUNI 2017**

Ús merkteken : 01429553  
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal  
Opsteld troch :  / (058) 292  of @fryslan.fr  
Jo merkteken : 17LQ00  
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : 17LQ00 – Untheffingsbeslút Taalplan Frysk foar profyl B

Achte 

Mei dit brief stjoere wy jo ús reaksje op it Taalplan Frysk dat jo yntsjinne hawwe yn it ramt fan de *Beleidsregel ontheffing vak Fries*. Jo oanfraach is op 8 maaie 2017 by ús ynkommen en ynboekt ûnder nûmer 01426165.

### Beoardieling en beslút

Wy hawwe jo Taalplan Frysk beoardiele en binne fan betinken dat it troch jo oanfrege nivo fan ûntheffing passend is foar jo skoalle en foldocht oan de boppeneamde beliedsregel, opsteld op grûn fan de WPO, kêst 9, lid 4 en de WVO, kêst 11e, lid 1.

### Profyl B

Wy ferliene jo skoalle dêrom, mei yngong fan it skoaljier 2017/2018, in ûntheffing oerienkomstich profyl B. Dat profyl hâldt yn dat de learlingen ûnderwiis yn attitude, harkjen, praten en lêzen jûn wurdt, en dat der omtinken is foar taalbeskôging. Der wurdt in ûntheffing ferliend foar skriuwen. De keardoelen binne formulearre yn it Besluit Vernieuwde Kerndoelen WPO.

### Taalplan Frysk

Yn it yntsjinne Taalplan Frysk stiet beskreaun wat it nivo fan it Frysk op jo skoalle is op it momint fan de besite fan de ûnderwiiskundige. Wy ferwachtsje dat jo dat nivo fêsthâlde of ferheegje. De Ynspeksje fan it Underwiis sil dêr op tasjen.

As jo skoalle ûnferwachte op ûnderdielen of yn syn gehiel ôfwykt fan it yntsjinne Taalplan Frysk, dan moatte jo sa gau mooglik kontakt mei ús opnimme.



## Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

### **J** Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen